

1. Dûnsje

Tytsje ek ik hawwe yn de tsjerke dûnse!
Ik sil jimme fertelle hoe't dat kaam.
Dûnsje jimme wolris? Ik bedoel op muzyk
draaie en springe?

Ik tink it wol, want ik haw mei it
doarpsfeest sjoen dat net allinnich grutte
minsken op de muzyk hosten en sprongen.
Der binne ek bern dy't goed 'play-backe'
kinne. Moai is dat no, dûnsje. Guon
minsken binne op dûnsles. Dan leare hja
op de maat fan 'e muzyk allegearre moaie
figueren te meitsjen.

Witte jimme wol dat ik it prachtich fine
soe as der yn de tsjerke ek ris dûnse
waard? Dat kin bêst. De oargelist spilet
faak fleurige ferskes ta eare fan de Heare
God, no dan koene de minsken bêst yn it
gongpaad mei-dûnsje. Mar yn de tsjerke wurdt net dûnse. Spitich no?
It liket wol oft it ferbean is... Mar dat is sa net !

Pake Gurbe wit in hiele protte fan de bibel. Hy kin ek it ferhaal fan kening David dy't dûnse op de muzyk,
om't hy sa bliid wie dat de Heare God altyd op alle minsken fan syn folk passe soe.

Fan kleare barre wille dûnse dy kening doe foar de Heare God.

Pake Gurbe fertelt ek dat yn it psalmboek ferskes steane wêrop as de minsken earder wend wienen te
dûnsjen. Sokke dûnsen neamden hja 'raaidûns'. Hja heakken elkoar yn de earm en draaiden dan dûnsjend
om elkoar hinne. Fleurich no? Mar sa't ik al sei: yn de tsjerke wurdt net dûnse. Yn ús mûzehûs wol!

Tytsje mei graach dûnsje. As hja oan it ôfstofjen is draait hja sierlike rûntsjes om 'e tafel. As hja de bêden
opmakket gliert hja mei sokfuotten rûntsjes oer it glêde seil. Oan har lyfke is dat net te sjen.

Hja hat moaie mûtele earmkes en har búkje is lekker rûn.

Dat komt om't hja ek graach lekker ite mei.

Mar har spek sit har net yn it paad om hearlik te dûnsjen.

Op in sneintemoarn, iere betiid, hie Tytsje in plan.

Hja woe yn tsjerke dûnsje. Hja sei: "As de minsken dan net foar de Heare God dûnsje, dan kinne wy dat
wol dwaan Tynus.

De koster is der noch net want ik haw de kaai noch net omdraaien heard en de klok moat ek noch liede. As
ús bern no ris sjonge en klappe, dan geane wy tegearre te dûnsjen".

Ik rôp de bern en hja woenen graach meidwaan as hja sels ek huppelje en springe mochten. Wy dienen de
sneinske pronk oan en binne troch ús geheime yngonkje de tsjerke yn slûpt.

Wy songen en dûnsen dat it wat die! Pake Gurbe wie it publyk...

Hy lake him slop. Us mûzefamylje fynt dat de tsjerke ek in plakje wêze moat foar wille en laitsjen. Fine
jimme dat ek?

No, oante oare kear. Goeie! Tynus, de tsjerkemûs fan de Terp.

